

De Grêfskriftekommisje

Skiednis

Yn 'e 19de iuw wiene it foaral skoalmasters en oare leafhawwers, dy't dwaande wiene mei it fêstlizzen fan 'e teksten fan âlde grêfsarken. Hoewol't net ien fan 'e leden fan ús hjoeddeiske kommisje skoalmaster is, kin wol sein wurde, dat wy yn in lange tradysje steane.


Yn it begjin fan 'e foarige iuw wiene it mannen as Heerma van Voss en Osinga, fan it Frysk Genoatskip, dy't harren foar it grêfskrifteûndersyk ynsetten. Doe't yn 1945 it Genealogysk Wurkferbân oprjochte waard, is besletten om te oparbeidzjen mei dat Frysk Genoatskip en 'e ferskate notysjes dy't yn 'e rin fan 'e tiid makke wiene, te bondeljen en út te jaan.

It taastber resultaat wie de publikaasje yn 'e fyftiger en sechstiger jierren fan 'e rige:

Grêfskriften tusken Fly en Lauwers, dêr't doe fiif ôfleverings fan ferskynd binne: Achtkarspelen, It Bilt, Ljouwert (Galeistertsjerke), Menameradiel en Flylân.

It fandeljen en fêstlizzen fan 'e grêfskriften giet hjoed de dei oars as foarhinne. As men wit hokfoar kaprioalen Harm de Vries - de eardere Akademyfotograaf - wol net úthelje moast, om mei syn fototastel en blitser yn 'e hânnen in ljedder opklimme te kinnen (dy't dan ek noch wif tsjin in trijepoat oanstie), is it in wûnder dat yndertiid gjin slimme ûngelokken bard binne!

Hjirnjonken stiet in yllustraasje fan hoe't it der yn it ferline tagie by it fotografearjen fan grêfskriften (yn 'e tsjerke fan Dronryp). It koste gâns tiid en De Vries weage syn libben sa no en dan hast. Mar de kwaliteit fan syn foto's wie altyd treflik. Gjûn arbeidsynspeksje soe hjoed de dei de wize fan wurkjen fan De Vries noch tastean!



De kwaliteit fan *Grêfskriften tusken Fly en Lauwers* is oer-deeglik, mei wiidweidige annotaasjes oangeande de minsken dy't ûnder de grêfsarken begroeven binne, mei harren eftergrûn en omjouwing. Dy wiidweidigens hat der mei ta laat, dat nei de publikaasje fan it earste diel, Achtkarspelen, yn 1950, it fyfde diel, oer Flylân, earst yn 1969 ferskine koe en ek fuort it lêste diel wie. Dêrnei foel de produksje stil.

Oare tiden, oare mooglikheden

Tsjintwurdich kin elk mei in digitale kamera mei ynboude blits en zoomlins omgean.

En as de tekst ienkear klear is, dan is it opnimmen op in webside ek net mear in poepetoer.

Healwei de njoggentiger jierren ûntstie ûnder it ynventarisearjen fan 'e sarken ôfkomstich út 'e Westertsjerke fan Ljouwert, op 'e keunstmjittige terp yn 'e Ljouwerter bosk, in groepke fan leden fan it Genealogysk Wurkferbân, dat fierder de Grêfskriftekommisje neamd wurde soe. Lykwols, 25 jier dêrfoar, yn it begjin fan 'e santiger jierren, krûpten guon fan dat groepke ek al oer de sarken fan 'e Grutte Tsjerke, ûnder lieding fan master Van der Meer! It heucht my noch, dat wy doe, midden yn 'e winter, sawat omkamen fan 'e kjeld yn dy kâlde en sigerige tsjerke.

Gearstalling kommisje

De kommisje bestie yn 'e njoggentiger jierren út in fêste kearn fan trije persoanen, dy't by earste oprop klear stiene, om sa gau as 't koe opnamen te meitsjen. Yn dat ramt wie Henk Zeinstra de spin yn 'e webbe tusken tsjerkfâlden, kosters, arsjitekten, oannimmers en monuminteynstânsjes, mar tagelyk ek de skriuwer fan 'e klub.

Alles wat fêst en los beskreaun is op it mêd fan it grêfskrifteûndersyk, hat Henk Zeinstra yn syn pc op in rychje te stean. Yng. Melle Koopmans en yng. Meindert Tangerman makken de klub fan trije folslein. Dy klub waard komplemintearre mei Rudy Broersma fan 'e Fryske Rie foar Heraldyk, foar it

heraldysk mêd, en mei drs. Elleke Makkes-van der Deijl op it mêd fan 'e keunsthistoarje. Ad hoc waard der sa no en dan noch wolris in oar by behelle.

It foarsitterskip fan 'e kommisje lei as fanâlds by de foarsitter fan it Genealogysk Wurkferbân, Melle Koopmans. Mar doe't dy yn 2011 de foarsittershammer dellei, die er dat ek fan 'e Grêfskriftekommisje.

Underwilens hat Henk Zeinstra, omreden fan sûnensswierrichheden, syn sit yn 'e kommisje opjaan moatten en is drs. Hessel de Walle, dy't syn spoaren mei syn útjefte fan: *Friezen uit vroeger eeuwen. Opschriften uit Friesland 1280-1811* (2007) op it mêd al fertsjinne hie, syn opfolger wurden. Fan natuere waard Hessel de Walle oanfierder fan ús kommisje. Letter hat ek drs. André Looijenga, as klassikus, him by de kommisje foege.

De kommisje arbeidet op en wikselet út mei it Argeologysk Wurkferbân, dêr't Hindrik de Jong op 't stuit de foarsitter fan is.

Wurkwize

De kommisje makket, sadree't er weet kriget dat der earne in tsjerkefluer útgiet, in ynventarisaasje fan 'e grêfskriften op 'e sarken en leit alles fotografysk fêst, mei de bedoeling se op 'e webside fan 'e Fryske Akademy sette te litten. Mar yn earste ynstânsje set Hessel de Walle alles fuortdalik al op syn eigen webside.

Meindert Tangerman